

11 Maart stiet op de wurklist fan de ried de lokaasjekar foar in eventueel AZC yn Rottum East, foarsitter. Dat duorret noch hast oardel moanne, dus de FNP wol jûn dúdlikheid jaan.

### **Proses ferkeard ferrûn: foarbylden**

Foarsitter, we meie wol sizze dat it proses AZC Rottum East/Hearrenfean West net soepel gien is, it stik yn de Ljouwerter Krante fan 22 jannewaris ferbaasde ús dan ek net. Ik neam in pear foarbylden:

- Yn april 2023 is der in lokaasjeûndersyk starten nei oanlieding fan in riedsútstel. It stik fan 19 april seit: "Uitkomst locatieonderzoek komt terug bij de raad voor integrale afweging". Dan tinke jo as riedslid dat **dit** stik werom komt by de ried. Des te opmerkliker wie it dat it kolleezje al nei bûten kaam mei in foarkarslokaasje. De fraach om gearwurking mei de gemeente Hearrenfean: dat wie in kolleezjefersyk, der wist de ried yn earste ynstânsje neat fan ôf. Yn de LK kinne we lêze dat amtners fan it Hearrenfean begjin april al dwaande wienen mei dizze lokaasje

Dizze ried hat de ôfwaging fan de lokaasjes net meitsje kint en sterker noch, de ried hat de kaken moannen lang stiif op elkoar hâlde moatten omdat it lokaasje-ûndersyk fertroulik wie. Hoe sa yntegrale ôfwaging?

- 7 Septimber wie de ynformaasjejûn yn Thialf dêr binne neffens ús saken net goed gien. Alderearst de briefing dy't samar iepenbier wie sûnder dat DFM der fan wist. Struifolders dêr't wy neat fan wisten, it logo fan DFM dat gau hjir en der by plakt is, omdat oeral it logo fan gemeente It Hearrenfean al op stie, al mei al krigen wy as fraksje it gefoel dat it in ynformaasjejûn wie fan It Hearrenfean en dat de Fryske Marren der by stean mocht. Dêrnei ha wy as ried fan de Fryske Marren sels op de rem traapje moatten om op it selde ynformaasje nivo te kommen as it Hearrenfean.
- Op 23 oktober wurdt bekend dat it Hearrenfean it beslút fan de lokaasje fan in permanint AZC yn jannewaris nimme sil, riedsleden fan DFM moatte soks út de krante helje. Ek ha we fernimme kinnen dat it Hearrenfean witte lit dat, as DFM foar 1 maart net in beslút nimt, hja nei in oare lokaasje sjogge. Dat stiet no, hjoed de dei, noch hieltyd yn it riedsbeslút fan it Hearrenfean ûnder boltsje 4. En ja we ha in memo krigen dat dizze datum feroare is nei 11 maart, mar dochs jout soks net in goed gefoel. 13 Desimber ha we yn ús gemeentehûs op 'e Jouwer in ynfojûn hân oer it AZC, de presintaasje wie foar De Fryske Marren, mar makke troch it Hearrenfean mei allinnich it logo fan de gemeente Hearrenfean op de presintaasje, frjemd.....
- Yn it riedsútstel fan it Hearrenfean stiet eksplisyt: Realisaasje AZC op Hearrenfean West mei 450 opfangplakken. Yn it riedsútstel fan DFM stiet: In langduorrich AZC te realisearjen en fierder ûndersyk te dwaan nei Hearrenfean West. Yn it stik stiet fierder

“uit te gaan van maximaal 450 plaatsen” Yn it beslútboltsje stiet neat oer oantallen opfangplakken. Dit binne ferskillende besluten.

- Yn it earste boltsje fan it riedsbeslút fan it Hearrenfean stiet al dat Hearrenfean West it plak is foar de takomstige wenningútwreiding fan de kearn fan it Hearrenfean. De wrâld op syn kop, it Hearrenfean beslút no al oer de grûn fan de Fryske Marren. By ús witten is de grûn noch hieltyd fan ús. Dus as we akkoart gean mei it útstel sa as it foar leit, dan tekenje wy by it krúske foar in wenwyk fan Hearrenfean op ús grûn. Der leit fansels in bestjoersoerienkomst wer yn stiet dat der eventueel wentebou komme kin op dat plak, mar der stiet ek yn dat it Hearrenfean oantoane moat dat hja nearne oars bouwe kinne. Yn ús eagen is it sa, as we dit sa oannimme dan binne we it stjoer oer ús eigen grûn kwyt.

### **Stânpunt FNP**

Foarsitter, we soene noch wol mear foarbylden neame kinne en jo hearre wol dat de FNP gjin fertrouwen hat yn it proses en boppedat fynt de FNP grutte AZC's net mear kinnen. 450 opfangplakken is ús tefolle. Wy binne dan ek foarnimmens op 11 maart tsjin in permanint AZC by Rottum East te stimmen.

### **Wat wolle we wol:**

Foarsitter, de FNP is foarstanner foar it opfangen fan flechtlingen út gebieten fan oarloch en geweld. Ek foar minsken dy't om polityk tinken of om har leauwen of geardheid ferfolge wurde.

De Twadde Keamer wol, middels in moasje fan Keamerlid Don Ceder fan de Christen Unie, dat lytsskalich oanbod fan AZC's yn gemeenten mooglik makke wurde moat. Dizze moasje is oannommen. 16 jannewaris ha: Volt, CDA, D66 PvdD, CU, SP, GrLinksPvdA en ek ús eigen senator fan de OPNL in soartgelike moasje foarlein yn de earste keamer .

Júst foar lytsere AZC's is in grutter draachflak ûnder de befolking. Boppedat is it sa dat by lytsere AZC's de kontakten minder massaal binne, de opfang mear oersichtlik en persoanliker is, en it is makliker om lokale frijwilligers yn te skeakeljen. Dat alles befoarderet de yntegraasje.

Steatssiktaris van der Burg hat yn in gearkomste mei dizze gemeenteried sein dat jild gjin rol spilet. Dus kinne wy ôf fan it tinken yn termen fan allinnich ekonomyske en mjitbere aspekten fan effisjinsje.

Sadwaande fine wy as FNP dat we ta moatte op folle lytsere AZC's. It AZC yn Balk bliuwt wierskynlik oant oktober 2026 iepen, dat jout it kolleezje rom de tiid om hjir oer nei te tinken en dêrby ek te sjen nei de útwurking fan de spriedingswet.

29 jannewaris 2024

Gerda de Vries